

39 *Gimmestyk*

Op 'e teannen,
op 'e teannen.

Ik kin op 'e teannen stean
en ik kin der ek op rinne.

Sjoch mar ris:
dêr rin ik hinne!

op 'e teannen stean

op 'e teannen rinne

Op 'e hakken,
op 'e hakken.

Ik kin op 'e hakken stean
en ik kin der ek op rinne.

Sjoch mar ris:
dêr rin ik hinne!

op 'e hakken stean

op 'e hakken rinne

Op ien foet,
op ien foet.

Ik kin ek op ien foet stean.
Hinkelje - soe'k dat ek kinne?

Sjoch mar ris:
dêr hink ik hinne!

op ien foet stean

hinkelje

Op twa fuotten,
op twa fuotten.

Ik kin op twa fuotten stean.
Hippe - soe ik dat ek kinne?

Sjoch mar ris:
dêr hip ik hinne!

op twa fuotten stean

hippe